
Redaksjoneel

Metamorfoaze

Metamorfoaze wie it tema fan de Poëzijwike dit jier. Ek foar my is it in tema, al tink ik dat wy eins altyd yn beweging binne. Ik sjoch myn libben graach as oaninoarskeakeling fan perioaden. Fans fan Taylor Swift neame dat *era's*. Yn de popkultuer hat elkenien wol in *era*. Ik haw it gefoel dat ik no yn myn metamorfoaze-era sit. Al is dat wurd miskien wat te dramatysk. As je it yn it wurdboek opsykje, giet it oer in heftige stalferwikseling, in transformaasje fan foarm.

De natuer docht der alle jierren oan mei. Fan winter nei maitiid, foar my as winterleafhawwer gjin maklike oergong. De wrâld feroaret fan jas, soms yn heech tempo. Yn it park yn Frjentsjer seach ik in boskje blommen dat sa hurd út 'e grûn sketten wie dat it in skiif modder meinaam hie. As hie it earst in gat yn 'e ierde seage en doe pas it ljocht socht.

4

Op Nasjonale Gedichtedei organisearre ik by myn wurk yn de boekhannel yn Harns in poëzymiddei. It snijde dy dei. Op Facebook seach ik reaksjes as: 'Weg met die gore witte bende.' Ik begryp dat net. Snie, en ek dize, hearre foar my ta de moaiste natuerferskynsels. In iere moarn yn in stille stêd, bedutsen troch in laach snie: it fielt as stiet de tiid efkes stil.

De minsken dy't prate oer 'dy wite troep' binne tink ik faak minsken dy't hurd rinne, hurd wurkje, hurd libje. Se ha gjin tiid om te dwarreljen mei de snie. Of se wolle dy tiid net meitsje. Ik hear se kleien oer glêde diken en net fytse kinne en it net riden fan de trein. Se sjogge benaud.

Ik gie dy middei wat earder fan hûs. Mei opsetsin gliid ik mei myn auto oer it grutte parkearterrein by de De Stiennen Man. Ik hie eins noch efkes nei it strân wollen, mar ek ik moast oan it wurk. Dat ik dwarrele troch de binnenstêd, socht de glêde plakken op.

'Wol foarsichtich wêze, it is glêd,' sei in foarbygonger.

'Mar dat fyn ik krekt moai,' sei ik. 'In bytsje spanning.'

Eins moat ik it yn dit stik net hawwe oer myn wurk, mar oer myn eardere wurk. Want ek dêryn ûndergie ik in metamorfoaze. Mar earst de middei sels. Wy hiene ús ôffrege oft der wol minsken komme soene mei dit waar.

De dichters kamen yn elk gefal. En der is neat mis mei in priveesesje fan dichters foar dichters.

Mar nei't alles opsteld wie, druppelen ek de besikers binnen. In man as tweintich út Harns en omkriten. Eltse besiker woe wol wat foardrage. Der waard foardroegen yn it Dútsk, Ingelsk, Grinslânsk, Nederlânsk en Frysk. Ik miste it Harnzers in bytsje, foaral omdat der dy wike ek in Harnzer diktee op 'e planning stie yn it havenstedsje. De dichters stienen by it grutte rût, mei útsjoch op de byldetún efter it Hannemahûs. Alles lei ûnder in tin laachje snie. It bleau mar dwarreljen.

Mar it kin net altyd winter wêze. De transformaasje giet troch, oft wy no wolle of net. Doe't ik de earste snieklukjes seach, rekke ik hast yn panyk. Ik wie der noch net klear foar. Woe myn waarme jas en dûnsdekbêd noch net ynleverje. Mar nei in pear waarmere dagen haw ik foar it earst wer skeelere. Miskien kom ik nei myn metamorfoaze-*era* wol yn myn sport-*era* telâne. Dêr siet ik earder ek yn. Foardat ik de baan yn 'e boekhannel krige foel ik 14 kilo ôf.

Dy baan, dy't ik sân moanne hân ha, bin ik ûnderwilens kwyt. Troch in organisatoaryske flater wienen der gjin oeren mear foar my. Ik bin der net bot rouwich om. Allinnich it idee datst nei hurd wurkjen samar oan 'e kant set wurde kinst, dat stekt wol in bytsje. Mar ja, dat is it kapitalisme. Wat ik it meast miste by dat wurk, wie frijheid. De romte om te dwaan watst wolst, wannear'tst wolst. Om te skriuwen bygelyks. Yn dy sân moanne haw ik hast neat kreatyfs skreaun.

Koart foar myn jierdei is myn lêste wurkdei. Ik wurd 36. Healwei de tritich is in frjemde faze. Myn gesicht feroaret. Lyntsjes dy't net mear ferdwine as ik minder lilik sjoch. In tear dy't permanint wurden is. Fine streekjes boppe de lippen, echte smokersrimpels, al smook ik al seis jier net mear. Myn eachlidden sakje wat fierder nei ûnderen, in famyljekwaal.

Oant myn tritichste feroare der hast neat. No liket it hurd te gean. Ek dat sil wol wer wenne.

Der komt yn alle gefallen wer in nije perioade oan. Ik seach op Facebook dat immen de earste mich al sjoen hie. Koartlyn seach ik immen in wesp dea slaan. Hooplik wienen de waarme dagen yn febrewaris gjin foarrinner fan in gleone simmer. Ik kin noch net oan ynsekten tinke. Soms liket alles sa hurd te gean; dan wol ik allinnich mar transforminderje.

Gabriëlle Terpstra
(redaksjelid)